

GENEALOGYSK WURKFERBÂN

Sneon 22 april 2017

ALDE GEHEIMEN SYKJE IT LJOCHT

Piter van der Woude

Net te ferklearjen saken út it ferline fan in famylje bliuwe it neiteam fassinearjen. Faak komt dat 'net te ferklearjen' troch ferswijen. Om't de ear fan 'e famylje rêden wurde moast. Of om't skamte en skande bedutsen wurde moasten. Mar it ferswijen hat fan gefolgen dat der in gat, in leech plak, yn it famyljebyld ûntstiet. It plaatsje is net folslein, der mist in namme, in beppe, in oerpake. It gat wol folle wurde, it geheim siket it ljocht.


Dizze presintaasje giet oer it sykjen nei in ûnbekende oerpake yn ús famylje. "Pake hie gjin heit, pake hie allinnich in mem". Dat woe ús heit my leauwe litte doe't ik as jonkje fan fiif, seis jier myn ôfstamming besocht te begripen. En heit woe der net te folle oer prate; it geheim bliuw bestean. Sechstich jier letter bin ik dochs noch sykjen gien. In syktocht dy't my ynearsten fan Barradiel oer de oseaan by in boerefamylje yn Iowa brocht, want der wie in geroft dat 'de ferwekker' fan myn pake emigrearre wie. Letter tocht ik dat hy (de ferwekker) in jong ferstoarne man út in mûnders/skippersfamylje wie.

Mar úteinlik fûn ik myn ûnbekende oerpake yn noch wer in oare famylje. Yn alle gefallen gong it der ek om in neikommeling in 'e manlike line te finen. Want dan koe in ienfâldige DNA-test útslútsel jaan.

Yn myn presintaasje sil ik yngean op aspekten sa as: geroft, ornearringen, 'wishful thinking', boarnen en DNA-test. Oer myn ûndersyk ha ik in boek skreaun mei deselde titel as dizze lêzing. Skreaun yn it Hollânsk: *Oude Geheimen zoeken het licht*. In wike foar dizze lêzing wurdt it earste eksimplaar fan it boek oanbean oan in neikommeling fan myn no dochs bekende oerpake.



Piter van der Woude



Myn oerbeppe mei de ûnbekende oerpake

Belangstellenden binne fan herte wolkom op dizze gearkomste!

De lokaasje is **Café Wouters**, Sophialeane 5, Ljouwert tsjin oer it sintraal stasjon en busstasjon. Oanfang 13.30 uur. **Tagong is fergees**. Parkeare kinne jo yn de parkeergaraazjes Zaailand en de Klanderij en op it P+R parkearplak Wynhorststrjitte efter it stasjon.

Sjoch ek op de webside: <https://www.fryske-akademy.nl/nl/genealogy>